

**SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Klaas Fokkinga / Douwe Hoogland
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn it Nasjonaal Strategysk Plan (NSP)<sup>1</sup> wurket de Nederlânske oerheid de ôfspraken fan it EU Mienskiplik Lânboubelied (GLB)<sup>2</sup> foar de kommende jierren út. Derby bestiet in nauwe gearhing mei it sânde aksjeprogramma foar de Nitraatrjochtljine<sup>3</sup> (7e AP).</p> <p>Om yn oanmerking te kommen foar de subsydzjes út it Mienskiplik Lânboubelied fan de EU, moatte agrarysk ûndernimmers foldwaan oan de saneamde kondisjonaliteiten<sup>4</sup> (GLMCs). Dat binne easken om boeren te beleanen foar maatskiplike tsjinsten en dêrmei ta te wurkjen nei doelen op it mêd fan natuer, lânskip, wetter en klimaat.</p> <p>De FNP is foar maatregels dy't goed binne foar ús natuer, lânskip, wetter en klimaat, mar is fan miening dat de regels net ûnnedich beheinend wêze meie foar boeren dy't al tûk en kreas buorkje of dwaande binne mei in omslach nei in duorsumere bedriuwsfiering. Dy kant moatte wy krekt út yn Fryslân.</p> <p>Yn it NSP (s. 55) wurdt foarskreaun dat by ekologysk kwetsbere wettergongen en KRW-wetterlichamen in bufferstrook fan 5 meter tapast wurde moat dêr't gjin nutriïnten en beskermingsmiddels brûkt wurde meie. By alle oare wettergongen is dat in strook fan 2 meter.</p> <p>Benammen op boerelân mei histoaryske eleminten lykas sleatten en weardefolle lânskipseleminten (beamwâlen en -singels, feangebiet) driigje boeren troch de regels folle mear teelbere opperflak te ferliezen dan har kollega's dy't op ferkavele stikken lân buorkje.</p> <p>De MLB-feroardering (s. 147) jout de mooglikheid om in útsûndering te ferlienen op basis fan de pleatslike situaasje en de breedte fan de strook oan te passen. De minister komt dêrfoar mei in <i>leidraad</i>.<sup>5</sup></p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Is it kolleezje it iens mei ús dat as der neat dien wurdt, it ferlies oan teelber opperflak yn gebieten mei weardefolle lânskipseleminten (beamwâlen, histoaryske sleatten, ensfh.) grutter wêze sil dan yn gebieten dêr't grutskalige ruilferkavelingen west hawwe?</li> <li>2. Hoe sille de provinsje Fryslân en Wetterskip Fryslân, dy't tegearre ferantwurdlik binne foar de wetterkwaliteit, der foar soargje dat der foar boeren dy't tûk en kreas buorkje sa min mooglik weardefolle lânbougrûn ferlern giet?</li> </ol>

<sup>1</sup> Samenvatting Nationaal Strategisch Plan. Toekomstbestendig boeren sterker belonen – de Nederlandse invulling van het nieuwe Gemeenschappelijk Landbouwbeleid. It definitive NSP moat noch fêststeld wurde;

<sup>2</sup> MLB-Feroardering 2021 (Verordening (EU) 2021/2115 van het Europees Parlement en de Raad van 2 december 2021 tot vaststelling van voorschriften inzake steun voor de strategische plannen die de lidstaten in het kader van het gemeenschappelijk landbouwbeleid opstellen [...]);

<sup>3</sup> Nitraatrjochtljine (Richtlijn 91/676/EEG van de Raad van 12 december 1991 inzake de bescherming van water tegen verontreiniging door nitraten uit agrarische bronnen);

<sup>4</sup> Goede Lânbou en Miljeu Kondisjonaliteit (GLMC): der binne njoggen ferskillende GLMCs, dêr't in agrarysk ûndernimmer oan foldwaan moat, ôfhinklik fan syn bedriuwssituaasje;

<sup>5</sup> Minister Staghouwer, Kamerbrief 25 januari 2022, 'Beantwoording vragen naar aanleiding van het Zevende actieprogramma Nitraatrichtlijn' (Leidraad ten behoeve van de teeltvrije zones, s.9).

	<ol style="list-style-type: none"><li>3. Hat it kolleezje der sicht op wannear't de <i>leidraad</i> fan de minister beskikber is?</li><li>4. Is de provinsje Fryslân en it Wetterskip Fryslân yn steat om de boeren mei yngong fan it nije Mienskiplik Lânboubelied yn 2023 útslútsel te jaan oer de bufferstroken dy't sy op har bedriuwen oanhâlde moatte?</li><li>5. As dat net it gefal is, wêrom net? En wannear dan wol en wat is der kwa organisaasje nedich om dat klear te krijen?</li></ol>
--	---

Yntsjinner(s)	FNP, Wopke Veenstra
---------------	---------------------

Datum	21 maart 2022
-------	---------------